



DE PIKENEUR

(De Kastaar)

Klucht yn twa bedriuwen fan

JULIA ENGELEN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE PIKENEUR – DE KASTAAR** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIA ENGELEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2021 Toneelfonds Janssens

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONEN:

SANDER BLANKE - 50, konsulint, aventoerlik

LYSBET - 50, syn frou, liket in nontsje, mar is de baas yn 'e hûs

SYLVIA - de húshâldster, opportunist

JUNIOR - 30, sekretaris fan Sander, wit neat fan froulju

CLAUDE GOLDING - direkteur fan Sander, heit fan Vicky

VICKY - 21, dochter fan Claude

KITTY WITTY - 20, freondinne fan Junior, miljeuaktiviste

DEKOR:

It strânhûs fan Claude Golding, de sintrale keamer/sliepkeamer. It hûs leit neist in fjoertoer op in klif. Rjochts de doar nei bûten, dy nei de waranda/ytkeamer en de doar nei de badkeamer. Links achter de doar nei de keuken. Links sintraal in alkoof mei doarkes en deryn in bêd. Yn de achterwand in grut rût en in doar nei it terras. Om it terras hinne stiet in stek en ergens stiet in ljedder om nei it strân te kinnen. Sintraal ticht tsjin de achterwand stiet in grut bêd. Foar links in taffeltsje mei wat stuollen, fierder in steande kapstok.

It spilet him ôf op in freedtejûn, 14 febrewaris, Falentijn. It is striemin waar, it reint pypstâlen en it ûnwaret no en dan. Persoanen dy't fan bûten komme, binne dan ek wiet.

EARSTE BEDRIUW

(Sander op fan bûten, maatpak, paraplu, lytse koffer. Achter him Sylvia, mei rom sittende giele reinjas, grutte doaze fol boadskippen)

SANDER: *(skoddet wetter fan paraplu, by Sylvia yn 't gesicht)* Kom deryn, fei de fuotten. Dêr is de kapstok *(doar iepen)* hjir de badkeamer *(doar ticht, oare doar iepen)* de weranda slash ytkeamer. Dy doar dêr moat fan de keuken wêze. Dêr kinst de boadskippen kwyt. En lit gjin flesse wer falle, Sylvia, sjampanje groeit net oan de beam.

SYLVIA: *(set boadskippen yn keuken, wer op, stoarret nei grutte bêd)*
Yn dit bedsje mei ik sliepe?

SANDER: *(doarkes alkoof iepen)* Do sliepst yn de alkoof. Kreas opburgen. Do meist ek op it terras sliepe of yn bad.

SYLVIA: *(giet by tafel sitten)* Nee tanke, ien dûs is genôch.

SANDER: It is noch gjin skoft, Sylvia. Helje de oare boadskippen út de auto.

SYLVIA: Kin dat aansjen net, menear Sander? It reint âlde wiven.

SANDER: It reint. En dan? Do hast doch in reinjas? *(lûkt har kordaat kapusjon oer holle, draait har om nei doar, jout har klap foar kont)*
Huphup!

SYLVIA: Jo soene my ek even helpe kinne.

SANDER: Fansels, mei alle wille. Sjoch, ik hâld de doar foar dy iepen. Hup!

SYLVIA: Ik bin gjin knyn. *(ôf)*

SANDER: *(sjocht wat om, probearret it bêd)* Prachtich. Yn werklikheid is it noch moaier as op de foto's. It waar sit tsjin, mar ja, we komme doch net bûten. *(hellet deo út koffer, spuitet wat ûnder earmen, pakt mobyl)* Vicky, myn doke! Sander hjir. Hast dat kontrakt fan Woodhouse noch klear krigen? Moaimoai. Wolst dan sa freonlik wêze en bring it...? Ja, sa as ôfptraat yn it strân hûs fan de baas. Dat hûs neist de fjoertoer. Do hast it adres? Moaimoai. Dan wachtsje ik hjir op dy. Oant oer in lyts healoeke. *(hinget op, sjongt, spuitet mear deo yn broek, fan foaren, fan*

achteren. Set kofferke op tafel, deo derneist) Poeske stoei, poeske stoei, de leuter stiet yn bloei, poeske stoei...

SYLVIA: *(op mei boadskippen)* Foar hoefolle persoanen moat ik iten meitsje?

SANDER: Foar twa. *(hellet menu út koffer, jout it har)*

SYLVIA: Tsiën gongen?

SANDER: In Falentijn-priuwerijke.

SYLVIA: Ha sa. Dus mefrou komt ek sa?

SANDER: Nee, mefrou bliuwt thús. Sylvia, hjoed freegje ik dy om de ultime diskreesje.

SYLVIA: O, menear sil neist de pôt pisje. Alwer. En ik moat alwer swije.

SANDER: Do wurdst goed betelle om te swijen.

SYLVIA: Twa kear neat is noch altyd neat. Myn man soe es witte moatte.

SANDER: Hast dan net sein datst jûn op lokaasje wurkest?

SYLVIA: Jawol, mar hy wit neat fan jo bokkesprongen.

SANDER: Moai. Hâlde sa! Wat dy oangiet: Vicky hat hjir noait west. Begrepen?

SYLVIA: Ha, se hyt Vicky.

SANDER: Bin' alle boadskippen yn 'e hûs?

SYLVIA: De kofferbak is leech.

SANDER: En de achterbank...? Hup.

SYLVIA: Hoe hyt se noch mear? Wêr komt se wei? Wat dogge har heit en mem? Wat docht sy? En it alder belangrykste: hoe âld is se? Se sil doch wol mearderjierrich wêze?

SANDER: *(triuwt har nei bûten, klap foar kont)* Huphup. Se is mearderjierrich. Hahaha. *(bang)* Se is doch mearderjierrich? *(telefoan)* Vicky, myn doke, Sander hjir. Ik moat dy wat freegje, leave... Hoe? Ja, ik wol. Nee, gjin grapkes, leave. Ik wol witte hoe âld atst bist.. Ien en tweintich. Moaimoai... Nee, ik frege my ôf oftst... oftst wol in rydbewiis hiest... Ha, do nimst in taksy. Moaimoai. Oant gau. *(sjongt op wize refrein 'de mem fan Doutsen')* Jaja de pyl, jaja de pyl, jaja de pyl, de pileman stiet klear... *(read linzjery-setsje út koffer, hâldt it foar him)*

SYLVIA: *(op mei boadskippen)* Nije swimbroek? Sjocht der pikant út.

SANDER: At sy der aansen is hâldst dat kommentaar foar dy. Begrepen?

SYLVIA: Spitich fan it minne waar, oars hie se der mei oer it strân paradedearje kinnen.

SANDER: Neat net oer it strân paradedearje. Wy bliuwe op bêd.

SYLVIA: Ek gjin frisse noas?

SANDER: We hâlde alles hyt behalve de sjampanje. Set dy mar gau kâld. Huhup. *(klapke foar kont)*

SYLVIA: Noch ien kear huhup tsjin myn achterwurk en jo krije in huhup op it each. Geile bok. *(ôf keuken mei doaze)*

SANDER: *(hellet noch gau flesse wyn út doaze)* In Beaujolais. Dy litte we op temperatuer komme. Dit wurdt de bêste Falentijn oait. Myn leaf lyts doke sil net witte wat har oerkomt. Ik ha jûn de haadpriis. Jong, moai en o, o sa ûnskuldich. Sa ûnskuldich as in wyt, in noch noait brûkt wyt lekken. En dêr sil ik jûn feroaring yn bringe. *(klopjen. Hy docht iepen. Vicky yn doar mei koffer. Reinjas oan, dêrûnder linzjery)* Vicky! Dêr bist al!

VICKY: Ferrassing. Ik bin in healoere lyn al fuortgongen.

SANDER: Kom deryn, myn doke. Hast it kontrakt foar Woodhouse by dy?

VICKY: *(stapt deryn)* Earst in bytsje ûntspanne hin. *(reinjas iepen)* Ferrassing!

SANDER: *(bliuwt der hast yn)* Vicky! Hoe witsto dat ik, datsto, dat wy...

VICKY: Do dogeneat doch. Wêrom nûget in suksesfol adviseur in begjinnend sekretaresse út yn in lúkse strânhûs? Doch net foar in kontrakt. Ik ha sels de taksy al fuortstjoerd. Do hast in hiele reputaasje op kantoar: Gigi, Lily, Loulou, Fien, Angelique...

SANDER: Dat wiene mar skarrelhintsjes.

VICKY: Stiet it dy oan?

SANDER: No, noch net.

VICKY: Chantelle.

SANDER: *(pakt syn setsje)* Hunkemöller.

VICKY: Dat doch ik moarnier oan. (*smyt harsels op bêd*) Himels! Ik hoopje datst oer genôch úthâldingsfermogen beskikst, Sanderke.

SANDER: Dat sil ik dy sjen litte. (*swiert jaske út, smyt himsels op bêd, grabbelt nei Vicky, dy is nei it hollenein krûpt*) Kom hjir, myn doke.

SYLVIA: (*op, by bêd*) Wat moat ik mei dy do oan? Siede, briede, grille, stove?

VICKY: (*oerein*) Pardon?

SANDER: Do moatst wat oan dyn timing dwaan, Sylvia. It doke moat grild wurde!

VICKY: Watte! Moat ik grild wurde!

SANDER: Wat? Nee myn do... leave, it doke fan de poelier moat grild wurde. Mei roastere appel en Limboarchske appelsjerp-sjú. Dit is Sylvia. Sy sil ús jûn bedjerre mei alderhanne kulinêre keunststikjes. En foar it oare neat hearre, neat sjen, mar wol swije, no Sylvia?

VICKY: En hast dat al faker dien, Sylvia?

SYLVIA: At ik foar elke misstap fan menear hûndert euro krigen hie, hie ik in reis mei de Queen Elisabeth boeke kinnen. Mar hy is te deun.

SANDER: Ik bin net deun!

SYLVIA: Sunich dan.

SANDER: (*wiist nei keuken*) Huphup.

SYLVIA: Huphup. (*ôf keuken*)

VICKY: Do bist dus in man mei in soad ûnderfining.

SANDER: Ik bin krekt in iepen boek foar dy.

VICKY: Ik wist dat dy kontrakten foar Woodhouse in ferlechje wiene om my hjir te krijen.

SANDER: Wat bist slim, myn doke.

VICKY: (*pleaget*) Do bist doch net echt fan doel om my te grillen en op te tsjinjen mei roastere appel en appelsjerp-sjú?

SANDER: Atst dêrtroch noch lekkerder wurde soest. It wetter rint my om de tosken. (*kloppet op bêd*) Kom hjir en do krijst in foargerjocht.

VICKY: Alde lekkerbek. (*jout tútsje op de noas, draait by 'm wei*)

SANDER: Alde?

VICKY: Ik sil my even opfrisse yn de badkeamer. (*doar iepen*)

SANDER: Okee. Hee, hoe witsto dat dêr de badkeamer is? Bist hjir earder west?

VICKY: O ja, dit is myn twadde hûs. (*ôf mei koffer en linzjery-setsje*)

SANDER: Hahaha, twadde hûs. Wat in gefoel foar humor.

SYLVIA: (*yn doar keuken*) It liket der op dat in oar de premjêre al hân hat.

SANDER: Wol nee, se is folslein ûnskuldich.

SYLVIA: Dêrom hat se ek hast neat oan ûnder dy reinjas, seker.

SANDER: Moatsto net yn de keuken wêze?

SYLVIA: Der is gjin Limboarchske appelsjerp, allinne dy fan de Aldi.

SANDER: Sjerp is sjerp.

SYLVIA: En de do is al in kear waarm west.

SANDER: Meitsje der wat lekkers fan. En lit it wat opsjitte. Ik wol sa gau mooglik oan it neigesetsje begjinne.

SYLVIA: Krêm Brûlee.

SANDER: Nee, myn jonge, seksy doke. Litte we sizze datst oer oardel oere yn de alkoof lizze moatst. Better noch, binnen it oere. Huphup.

SYLVIA: Ik kin net fleane. En hurdriners binne deariners. (*ôf keuken*)

SANDER: (*pakt telefoan*) Junior? Sander Blanke hjir. Harkje, fanwege dat kontrakt fan Woodhouse. ...Ja, dat hie juster ferstjoerd wurde moatten, ik wit it. Gjinn panyk. It leit klear, dus do kinst it daliks opstjoere. Dan moatst it wol helje... En dan? In echte sakeman wurket altyd. Ik ferwachtsje dy. ...Nee, net op kantoar, ik bin yn it strânhûs fan de baas. Fan CC Golding. Krekt, dat hûs neist de fjoertoer. ...Dy jûn fan dy kin my stellen wurde. Dy Kitty Witty fan dy kin my stellen wurde. Falentijn kin my ek stellen wurde, dus dy Falentijn fan dy lit my hielendal kâld. At dyn wurk dy leaf is, soargest derfoar datst hjir binnen it kertier bist om dat kontrakt op te heljen. Ik ferwachtsje dy, sûnder protest. (*hinget op*) Sacht sean aai. (*hinget jaske op stoel*) Sylvia, stiet de sjampanje kâld?

SYLVIA: *(op)* De sjampanje stiet kâld en de do is hyt.

SANDER: In bytsje fatsoenlik tsjinoer myn gast.

SYLVIA: Ik bedoel dy sopdo. Mar jo ha gelyk, dat krielhintsje dêr stiet ek te sieden. Hoe hyt se ek alwer?

SANDER: Vicky. Mar foar dy is it juffer Nachtegaal.

SYLVIA: Wêrom komt se my sa bekend foar? Famylje?

SANDER: Nee.

SYLVIA: Ien fan telefyzje?

SANDER: Nee.

SYLVIA: Wykblêd?

SANDER: Nee, nee, nee. Se is gjinien. It is de nije sekretaresse fan de ôfdieling.

SYLVIA: Ha! En jo ha har daliks oanpakt en ynpakt. En aansen noch útpakke.

VICKY: *(mei foet om 'e hoeke)* Sanderke dogeneatsje. In read of in swart setsje?

SANDER: Wat mar it gauste út is.

VICKY: Dogeneat. *(ôf)*

SYLVIA: Ik ha har wol es yn in boekje sjoen. Fotomodel?

SANDER: Nee. Kom, helje de sjampanje. Huphup.

SYLVIA: Huphup. *(sil nei keuken)* Ik wit it! Ik wit yn wat boekje at ik har sjoen ha. Hoho, oan dizze baarne jo je de fingers. Dy dêr is...

SANDER: Sylvia! Klets net sa folle! It ferrekt my neat yn wat rabbelblêd at se stien hat. Sjampanje!

SYLVIA: Sjampanje. *(ôf keuken)*

SANDER: *(ropt)* Vicky! Sjampanje?

VICKY: *(op yn reinjas, mei koffer)* O lekker.

SANDER: Komt der sa oan. Gjin setsje?

VICKY: Do seidest doch wat it rapste út is? *(set koffer by fuottenein bêd)*

SANDER: Myn stoute doke. Ik sil my ek even opfrisse. En dan kinne we oan it aperityf begjinne, myn dropke. *(ôf badkeamer)*

SYLVIA: *(op)* Sjampanje. O, hy is der net?

VICKY: Badkeamer, it grut orkest tariede.

SYLVIA: Poeh! In lyts dwersfluitsje, ja.

VICKY: Do meist my al in gleske ynskinke.

VICKY: Fansels, juffer Nachtegaal.

VICKY: Sis mar Vicky. Tanke. (*priuw*) O, fan de Jumbo. Hy is dus echt deun.

SYLVIA: Sunich. Bisto net de dochter fan syn...?

VICKY: Ja.

SYLVIA: En wit Sanderke dogeneatsje dat?

VICKY: Nee, sssttt.

SYLVIA: Silst dat noch sizze?

VICKY: Aansen, op it momint suprême. Bliuwsto hjir fannacht?

SYLVIA: Ik sliep dêr, yn de Fiking-koai.

VICKY: Moatst der net op rekkenje datst in soad sliep krijst.

SYLVIA: Us Sanderke dogeneatsje is as buskrûd. Ien fonkje en it ûntploft. Fan hearren en sizzen dan.

SANDER: (*achter, sjongt*) En we gaan noch niet naar huis...

SYLVIA: Hy is sa bliid as in lyts bern.

VICKY: Op kantoar neame se 'm it fleurige fiskerke.

SANDER: (*op yn badjas, sûnder broek! Sjongt nei Vicky*) Dêr wie lêsten in fiskerke loas, dy smiet de angel, dy smiet de angel, dêr wie lêsten in fiskerke loas, dy smiet de angel yn it einekroas. Ha myn lyts doke. Tútsje. Tútsje? Skeelt der wat oan?

VICKY: Nee hear. Sis Sander, witsto wa't it buskrûd útfûn hat?

SYLVIA: Us Sanderke! (*froulju ha wille*)

SANDER: (*tsjin Vicky*) Hoefolle glêzen sjampanje hasto al op?

VICKY: (*pakt mobyl*) Kom skat, selfy.

SANDER: No, ik bin net sa foar...

VICKY: (*nimt ûnferwachts foto*) En no yn styl, op it bêd. Kom skat. (*Sander wurdt tsjin syn sin op bêd treaun*) Laitsje skat! (*foto*)

SANDER: Sa is 't wol genôch.

VICKY: Noch ien. Sylvia? (*mei jas iepen*)

SYLVIA: Sa klear. Sis **tsiis**. (*makket meardere foto's. Vicky nimt ferskillende poazes oan. Sander sit der ferweesd by*)

SANDER: Dêr makkest doch gjin misbrûk fan hin?

VICKY: Nee, foar op Facebook.

SANDER: Nee, nee, gjin social media! Dit is ús geheimke.

VICKY: Wauw, in geheimke. Ik bin gek op geheimkes.

SANDER: Ik ek. Dus mûltsje ticht.

VICKY: Elkenien mei doch witte datst my oan de heak slein hast?

SYLVIA: Elkenien, behalve syn heale trouboekje.

VICKY: Oei, is it froutsje net sa fan it begripen?

SYLVIA: Dy lûkt 'm it fel oer de earen.

SANDER: Is dat doke no noch net klear, Sylvia? (*wiist nei keuken, Sylvia bliuwt lykwols yn doar stean, harket*) Do witst doch dat ik troud bin?

VICKY: Mis. Do hiest sizze moatten, lokkich troud.

SANDER: Myn frou is lokkich troud. Ik bin... troud. Nee, eh, myn frou, eh dy eh, sa'n tsjinslach, dy, dy leit al jierren yn koma.

VICKY: (*sabeare*) Dat is net bêst.

SANDER: Nee, se leit oan de monitor, in hiele boel kabeltsjes en sa. Tryst.

SYLVIA: Hiel tryst.

SANDER: Ja Sylvia, tryst.

SYLVIA: En hoe is dyn frou ek alwer yn koma rekke?

SANDER: Dat witst doch.

SYLVIA: Skodzje myn ûnthâld even op.

SANDER: In... in sky-ûngelok.

VICKY: Earm dogeneatsje. (*tútsje*) Mar dizze jûn wurdt in knaller. Sjampanje?

SANDER: Sjampanje! Sylvia! (*stiet der al*) Sjampanje.

SYLVIA: Jûn wurde jo op je winken betsjinne, menear. (*giet fansiden stean*)

SANDER: (*docht gardinen iepen*) Wat in útsicht!

VICKY: Altyd prachtich.

SANDER: Ja, de see is altyd moai, sels at it stoarmet.

VICKY: (*besjocht foto's op telefoan*) Heit hat dit strânhûs krekt kocht om it moaie útsicht, it grutte terras en fansels dizze prachtige keamer.

SANDER: Fansels. Hy hat grut gelyk... Heit? Wat heit?

SYLVIA: Har heit.

VICKY: (*ûnskuldich*) Us heit.

SANDER: Jim heit is eigener fan dit... Nee, nee, myn baas is eigener fan dit strânhûs.

SYLVIA: (*skinkt Vicky by*) At har heit de eigener is en jo baas is de eigener...

SANDER: Jim heit is myn baas!

SYLVIA: Bingo! Ik hie 't al sjoen, se stie yn it lêste bedriuwskrantsje. Ha jo dy moaie betoverjende foto fan heit en dochter net sjoen, dogeatsje? Sjampanje?

SANDER: Mar do hytst doch Nachtegaal?

VICKY: Ik ha op kantoar de namme fan ús mem brûkt. Heit woe net dat der misbrûk fan my makke waard. Makkesto misbrûk fan my, Sander?

SANDER: (*glês yn ien kear leech*) Dit is in katastrofe! Do meist hjir net wêze.

VICKY: O nee?

SANDER: Do hearst thús op dyn eigen bedsje en net yn dit bedsje. Wêr is myn jaske? (*pakt jaske, lûkt it oer de keamerjas hinne oan*) Jim heit is... O god, dit is sa fout. At hy te witten komt... Wêrom bist hjir yn godsnamme kommen?

VICKY: Do woest it graach. Al dy sûkelade en dy stikeme klapkes op de kont.

SYLVIA: Huphup.

SANDER: Neat net. Noait gebeurd. Jim heit, myn baas flipt at er heart datsto, dat ik, dat wy Falentijn fiere yn syn strânhûs.

VICKY: Flippe is mar sacht útdrukt.

SANDER: Do moatst fuort! No daliks!

VICKY: Och nee, it wie krekt sa gesellich.

SYLVIA: Sjampanje?

VICKY: O ja, hearlik.

SANDER: O nee, gjin sjampanje mear. Sylvia, de juffer giet fuort. En doch de jas ticht, bern, it waar is freeslik. (*knopet jas alfêst ticht*)

SYLVIA: Moat se al fuort? Sa gau al? Wat in ôfgong. It angeltsje ynienen slop?

VICKY: Kâldwetterfrees, tink ik. Wat dochst no?


SANDER: Jaske ticht. Feilich ticht.

VICKY: Skink mar yn, Sylvia.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto